



Yn it spoar fan Hieke Hornstra

Hieke Hornstra hat jierren werom suver hast elk hûs en syn bewenners bekreaun. It waard tiid foar in upgrade waard der sein. Mei dat boadskip kaam Tineke Gijzen my op de lije side. Ik wit lang net mear wa't wer no wennet, mar it measte noch wol fan de tiid dat pake jit feint wie. Boppedat ha ik ea in boekje fan Hieke krigen: 'Nu ik veertig jaar dominee ben....' fan ds. Hielke Bakker dy't hjir fan 1899 oant en mei 1904 stien hat. 'Ik heb er goede jaren gehad' skriuwt-er en dat net tsjinsteande de lekkende pastory dy't nei syn ôfskie tsjin de flakte gien is.

De skyline fan Wikel wurdt jimmer en erflik bepaald troch it bosk en de tsjerke. De Buorren dus. Al soe it dêr om gean. Der sit noch wol safolle Bargebek yn my en begjin mei dit part fan Wikel nei foarren te heljen. Yn de jierren fjirtich en fyftich lei it episintrum fan ús doarp net oan de Sleatmer, mar oan de Balksterkant. Dêr kloppe it ekonomysk hert, dêr moasten jo wêze as de fyts stikken wie, de merje ûnder de hynst moast, de geit ûnder de bok, de molke en de bûter op wienen, it fee fretten ha moast, de kachel 'nootje's vier', der ferlet fan in slokje wie, de pannen fan it dak waaid wienen, de kezingen oan ferve ta wienen en it pantsje om fleis ferlegen siet. Boppedat: de grifformearde hienen dêr harren tsjerke en harren bern harren skoalle.

Om fan de Balkster kant ôf te begjinnen: yn it streekje húzen wer't no Jappie van Dijk wennet hie Sake Bosma syn stukadoarsbedriuw en syn frou har krúdenierswinkel. Op it stee fan Jappie wie it timmerbedriuw fan Hindrik Veldman en dêr tsjinoer de túnderij fan myn omke Nolle Stegenga. Meerzicht waard bewenne troch Pier Feddema, leraer, skriuwer, skilder en heit fan myn earste skarreltsje. Letter kaam Wouters dêr, de man dy't 'Het drama van Putten' beskreaun hie. Hy glûpte út en troch de haach om mei omke Nolle en Kerst de Vries, dy't ik ek altiten omke neamde, oer de grutte fraachstikken fan tsjerke en polityk te praten. 'Tink derom Nolle dêr komt er wer oan', sei Kerst dan as hy wat yn in beamteguod bewegen seach.

Dêr rûn noch in reed tusken de tún en de buorderij fan Hindrik de Boer – no de camping fan Egge de Jong – nei efteren, nei ûnder oaren de famyljes Schram en Visser. Akke Schram, de dochter, wie 'yn de Hear', mar Wikel seach der net fan op. Dat wie no ien kear sa.

Willem Stegenga (Letter mear)